

Liturgy

Fotum en fredegroet

Ps 136 : 1 , 2 , 12 , 15

Lêzing fan de wet (middeis net)

Ps 130 : 2 („)

Gebed

Skriftlêzing : Micha 5 : 1 – 3

Micha 6 : 1 – 8

Ps 32 : 1 , 2 , 4

Tekst : Micha 7 : 18 – 20

Preek

Frlb gez . 115 : 1 , 2 , 4

(middeis Gkb Ges 179 b) s

Tankgebed en foarbea

Kollekten

Frlb ges . 44 : 1 , 2 , 3

Segen

Gemeente fan ûs Here Jezus Christus

De profeet Micha hie in moaie namme . Micha betsjut : Wa is in God as de HERE ?

As ik jimme , jonges en famkes freegje soe : Wa is God ? Wa is de HERE ? Ik tink dat jim dan sizze soenen : God , de HERE , dat is de grutte Skepper fan de himel en de ierde . God , dat is ûs Heit yn de himel . Hy soarget foar ûs .

Miskien soene jim ek wol sizze : God is de God fan it ferbûn . God hat ûs beloften dien en Hy freget fan ûs dat wy Him tsjinje sille.

En sa soene jimme noch wol mear antwurden jaan kinne . Fêst wol as jim er wat mear oer neitochten .

De profeet Micha stelt yn ûs tekst gjin fraach .

Hy priizget God ! Hy lovet de HERE !

Hy seit : Sa as ûs God is gjin ien !

Hy docht dat mei de bedoeling dat wy dat leauwe sille . En op dy God fertrouwe sille .

Dêrom wol ik jim preekje :

Micha's lofsang op de HERE .

- 1 .Dy lofsang waar net ferwachte .
- 2 . De ynhâld fan dy lofsang .
- 3 . De betrouberens fan dy lofsang .

1.1. Micha ropt oan it ein fan syn profesijen út : Wa is in God as Jo ! Neat en nimmen is mei Jo te fergelykjen !

En wêrom net ?

Omdat God de ûngerjochtichheden ferjout .

Omdat God de oertrêdingen oersljochtet .Oars sein , omdat God de ûngerjochtichheden net tarekkent .

Wêrom is God mei neat en nimmen te fergelykjen ?

Omdat God yn syn genede fierder giet mei syn sûndich folk . Dat wol sizze mei it diel fan it folk dat him ta him keart .Hy docht dat nei syn plan yn syn genedich wolbehagen .

Hjir kom ik aansens wol op werom .

1.2 .Dat loovjen fan de HERE oan it ein fan syn profesijen is ûnferwachts ! En dat it er sa by stiet blykt út it gehiel fan syn profesijen .

Dêr moat ik wat mear fan sizze .

De profeet Micha profetearre yn de tiid fan de keningen Jotham ,Achaz en Hizkia . Keningen fan Juda , dat út twa stammen bestie .

It gie yn dy tiid hielendal net goed mei it folk fan de HERE . Foaral Achab wie in goddeleaze kening . En...sa kening , sa folk !

Micha wist him troch de HERE roppen om yn dy tiid it Wurd fan God te preekjen .

En hy die it !

Koart sein : Hy wiisde altyd mar wer op de oertrêdingen en sûnden fan it folk .Foaral rjochte hy him ta de goddeleaze stêden Jeruzalem en Samaria . Haadstêden fan Juda en it ryk fan de tsien stammen , Israël .

Dêr wie de sûnde it slimste .

Yn Jeruzalem , wêr 't de timpel , it hûs fan God stie . En wêr 't in soan út it hûs fan David regearre . En just dy keningen moasten wat út striele fan de beloofde Soan fan David , dy 't wy kenne as ûs Here Jezus Christus .

En Micha mar preekje !

1.3. Hy wiisde de sûnden oan . Hy warskoude : As er gjin bekearing komt , dan komt God mei syn straffen , mei syn oardielen .Want de HERE is de hillige God , dy 't poer tsjin elke ûngerjochtichheid is . Hy is er op út dat syn folk it wiere libben belibje mei yn de goede mienskip mei Him .

Micha hie it lang net maklik . Sa wie it meastal mei de wiere profeten yn dy tiid . En wy moatte mar net tinke dat it hjoed de dei better is .

It grutste diel fan it folk hearde net nei him . En fan bekearing wie hielendal gjin sprake .

Men hearde folle leaver nei de falske profeten . Dy seinen : Dy Micha ,dêr moatte jimme net nei harkje. Dy man hat altyd wat . It is in swartkiker ! Jimme witte doch dat wy it folk fan de HERE binne ? No , dat betsjut dat de HERE yn ûs fermidden is . Us kin gjin kwea oerkomme !

Dat praat fan de falske profeten woe der wol yn by it folk Wy lêze dêrfan ek by de profeet Jesaja . Hy profetearre yn de selde tiid as Micha .

Jesaja sei tsjin it folk : Jimme rinne de foarhôven fan de timpel plat . En mar offerje ! Mar ûndertusken binne jimme hânnen fol bloed !

Letter kaam de profeet Jeremia dy selde ûngeastlike libbenswize tsjin . En doe 't Jeremia ernstich warskoude foar de grime fan de Here , rôpen se : Dit hjir is de timpel fan de HERE , de timpel fan de HERE , de timpel fan de HERE !

Mei oare wurden : Us kin neat oerkomme !

Wat gefaarlik

En Micha koe warskôgje , mar it folk harke net .

Wat dy hiele perioade oangiet wier der ien ljochtpunt .

Dat wier ûnder de regearing fan kening Hizkia . Hizkia wie in godfreezjende kening .Mar de reformaasje ûnder Hizkia skeat gjin woartel . It duorre net sa lang en doe wier it al wer mis . Dêrom moasten de profeten , wêrûnder Micha , de driging fan de ballingskip hieltiten wêr hearre litte .

De driging fan Assyrië wie der al .

De keningen fan Assyrië wienen in soort ' Hitlers ' .

Ut de besettingstiid witte wy noch dat de dûtske troepen songen : Deutsland über alles !
Sa wie it ek mei de assyrische soldaten : Assyrië boppe alles !

Wat een driging !

Koartom : omreden fan it ôffallen fan de HERE fan it folk moast de boadskip fan Micha foar it grutste part prediking fan it kommende oardiel wêze .

En wannear ' t wy dat betinke , dan is it ein fan Micha 's profesy ûnferwachts en ferraskjend !

2.1. Dat blykt dûdlik út de ynhâld fan Micha 's lofsang op de HERE .

“Wa is in God as Jo , dy 't de skuld ferjout

En de misstappen oersljochtet fan 'e neiteam fan jo eigen folk ;

Dy 't net altyd by syn grime bliuwt,

Mar Wa 't it in nocht is om genedich te wêzen .”

Sa is God ! Hy docht de ûngerjochtichheden fuort !

Hy hâldt syn grime net altyd troch .

Syn nocht is it om genedich te wêzen .

It wurdt dat hjir oerset is mei genedich is in wurd dat in protte seit oer it ferbûn fan de HERE mei syn folk . It betsjut : trou wêze yn it neikommen fan de tasizzingen .

Dy trou , om it oars te sizzen , dy loyaliteit , hat God leaf . Dêr is God bliid mei .

En dy trou freget er ek fan syn folk .

Micha hat dat hiel koart gearfetten mei de wurden : “Dêr is dy klear te witten dien , o minske , wat goed is en wat de HERE fan dy freget : neat oars as rjocht dwaan , de trou heechhâlde en mei ferstân dyn wei gean mei dyn God “. Micha 6 : 8)

Rjocht dwaan . Libje nei wat de HERE sein hat , nei syn goede oarder foar minske en maatskippij . De trou heechhâlde . Mei hert en siel yn trou libje yn it ferbûn mei de HERE En sa ek foar de minsken . Mei ferstân de wei gean mei de HERE . Mei earbied en ûntsach omgean mei God . En in libben lije dat dêrmei yn oerstimming is .

Sa wie it yn de tiid fan Micha net mei it folk fan de HERE . En wy moatte ek mar net te heech fan ûs sels tinke . En wy binne noch wol de nijtestamintyske gemeente fan de Here Jezus Christus . De gemeente dy 't nei de belofte diele mei yn de krêft fan de Geast fan Christus .

Mar yn ferbân mei de blide boadskip , dy 't Micha oan it ein fan syn profesije , hearre lit , moatte wy foaral sizze : Boppe alles is de HERE trou, loyaal , yn it neikommen fan syn beloften . In sûndich folk dat him mei it beliden fan eigen kwea ta Him keart mei witte en leauwe , de HERE ferjout ! Hy rekkent it kwea net ta .

2.2 . Dat docht de HERE net samar . Net automatysk .

Nee , mar God is de God fan it ferbûn . En wa 't yn 't leauwen 'ferbûn 'seit , dy seit 'genede ' . En wa 't leaut , dy siket de Here . De God fan genede en trou . Hy siket de HERE mei spyt oer syn sûnden . Mei it beliden fan it kwea . Biddend om krêft ta bekearing . Ja , wa 't sa libbet yn it ferbûn mei de HERE dy nimt altyd wer de taflecht ta Christus . Foar it folk fan de HERE yn de âldtestamintyske tiid wier dat it rêsten yn de belofte oer de komst fan de Messias . Yn ûs tiid is dat de taflecht nimme ta Christus dy 't kommen is en syn ferlossend wurk folbrocht hat .

Oer Him mocht Micha ek profetearje .

“ Mar do , Bethlehem yn Efrata,

Sa lyts asto biste ûnder de geslachten

Fan Juda ,

Ût dy sil foar My ien komme

Dy 't Hearsker oer Israëel wêze sil ;

Syn komôf leit yn in fier ferline,

De dagen fan alear .”

En Hy sil er foar soargje dat syn folk by Him feilich is . Syn folk sil diel hawwe oan ‘e messiaanske frede .

2.3. Wa is in God as Jo ? De HERE sil Him op ‘e nij ûntfermje ! Sa is God yn syn genede ! Hy ûntfermet Him oer syn folk . It folk dat Hy altyd wer , troch alles hinne bewarret . Werom bringt op syn wei . Ta leauwen en bekearing bringt yn syn genede .

Hy ûntfermet Him ‘em wer , en op ‘e nij . En sa bewarret Hy syn folk foar Him en komt Hy op syn tiid ta de grutte skare , dy ‘t net ien telle kin . (Iepb. 7)

Wat in tasizzing foar ùs , minsken mei misslaggen en tekoartkommings . Altyd mar wer . Hy sil al ùs ûngerjochtichheden fynwâdzje . Teneate dwaan . Sa dat de krêft fan de ûngerjochtichheid britsen wurdt . En dat hâldt de belofte yn dat er in tiid komme sil wêryn de macht fan de sûnde hielendal tebrutsen is .

Wa is in God lykas Jo ? Genedich , trou oan ‘e belofte fan de ferjouwing fan de sûnde en it ivich libben troch it leauwen yn Christus .

Syn trou, syn ûntfermjien , syn genede is sa grut dat Hy al ùs sûnden smyt yn ‘e djipten fan de see . Hy docht se fuort . Hy komt er nea op werom . Ek it oardiel by de komst fan Christus sil foar syn folk in publike frijspraak wêze .

Want Christus hat de skuld betelle . Christus hat it oardiel droegen . Paulus seit : Hy hat fan gjin sûnde witten , mar God hat Him foar ùs de sûnde yn eigen persoan makke , dat wy Gods gerjochtichheid yn eigen persoan wurde soenen troch Him . (2 Kor. 5)

Yn Him is it goed . Yn Him is it frede . En yn Him wurdt de frede folslein .

Dat is it evangeelje dat preke wurdt . Dat is it evangeelje wêrfan it hillich nachtmiel sprekt .

En ek de hillige doop . Dat is wis en seker .

3.1. Op dy beloften meie wy pleitsje . Dat die Micha ek al . Nei syn lofsang op God bidt hy : “bewiis trou oan Jakob en wês Abraham genedich”

Hy wit it . De HERE is trou . Wat Hy taseit stjit fêst . Dêr kinne wy op oan .

En Hy is genedich . Sa is Hy foar syn folk . Foar it folk dat de taflecht ta Him nimt .

Hy hat it sward oan de foarfaars út âlde tiden . Krêftiger koe Hy it net sizze .

Dat wurd fan de HERE is de wissichheid fan syn folk . It wie sa yn it ferline . It is sa yn it libben fan dizze tiid , en it sil sa bliuwe yn ‘e takomst .

Ja, it wurd fan de HERE , de beloften fan ùs God en Heit yn Christus , is ùs wissichheid .

3.2. Wa is in God fan genede en trou as ùs God ?

Wy meie mei al ùs lekken en brekken rêste yn de tasizzing . De belofte dy ‘t fol is fan Christus . Yn dat leauwen meie wy feilich wenje ; diel hawwe oan ‘e messiaanske frede .

Dat is alderearst : yn Christus meie wy libje yn de fersoende mienskip mei God . Wy meie in frede hawwe , dy ‘t mei ferstanlike redenearringen nea ùs diel wêze sil . It is in jefte fan God út genede .

As folk fan de HERE meie wy feilich wenje . Net sa dat ùs yn dit libben neat oer komme kin .

Mar wol meie wy witte dat wy , wat er ek barre kin , bewarre wurde foar it ivich keninkryk .

Yn dat leauwen wurde wy sterke , dy frede wurdt ùs diel , hieltiten wer , wannear ‘t wy it wurd hearre . Op ùs bidden troch de Geast . Yn dat leauwen , yn dy wissichheid wurde wy stipe wannear ‘t wy ùs doop brûke en it hillich nachtmiel fiere .

Sa is it , want de HERE hat it ùs tasein . En Christus hat de ynhâld fan de beloften foar syn folk fertsjinne . Hy stjit boarch foar de ferfolling dêrfan .

Yn alle striid en wrakseling kinne wy op Him oan .

3.3 . Yn dat leauwen sjogge wy út nei de takomst .

Iens sil de messiaanske frede folslein wêze .Der sil gjin sûnde mear wêze .En it wolwêzen sil folslein wêze . It libben yn mienskip mei de HERE en alle hilligen .

Dat lêze wy ek sa moai yn de lêste haadstikken fan de Bibel .

DE apostel Johannes mocht it sjen en hearre ,

“ Ik hearde in lûde stimme dy ‘t by de troane wei rôp : no is Gods wente by de minsken

Hy sels sil harren alle triennen út de eagen weifeie , en de dea sil er et mear wêze , like min as rouwe , gegûl of pine ; want it âlde is foarby “.

Er is gjin sûnde mear . Er binne gjin gefolgen fan de sûnde mear .

“Ik meitsje alle dingen nij “. En dan stjit er : Skriuw it op , want dizze wurden binne betrouber en wier” . (Iepb . 21)

“Dêr sil gjin ferflokking ...mear wêze “. De troane fan God en fan it Laam sil “yn it nije Jeruzalim stean “. Nacht sil it dêr net mear wurde , en se sille gjin ferlet fan lampeljocht of sinne ljocht mear hawwe , want God de HERE sil harren beskine , en se sille as keningen hearskje yn alle ivichheid “.

En dan stiet it er wer .

“Dizze wurden binne betrouber en wier ...”(Iepb . 22)

It Wurd fan de HERE ùs God en Heit yn Christus is ùs wissichheid .

Enwa is in God as Hy ?

Fol fan genede en trou ?

Hy docht en sil dwaan wat er seit !

Amen .